

Sinleaze held

leave Marije wolsto mei my ha	D	Cm	D
do kinst my krije, wat sil wy wille ha	D	Cm	D
ik sil op dy passe, ik bin in sterke fint	Gm	Cm	D
al ha'k in keale plasse, dat hie wol minder kind	Gm	Cm	D
wolsto wol leauwe dat ik in echte keardel bin	Fm	G	
wolsto wol leauwe dat ik foar dy fjochtsjekin, net te min	Fm	G	A7

hjr yn 'e bûse, sjoch dêr haw ik myn mes
sa leit it te kûsen, it lemme noch oerders
mar yn in wipke, dan ha'k it yn 'e hân
en mei ien knipke springt it yn ferbân
wolsto no wol leauwe dat ik op dy passe kin
wolsto wol leauwe, oaren slane op 'e rin, net te min

hjr yn m,yn jas, ha'k noch in goed idee
komt grif fan pas: in buske piperspre
soe ien it weagje en kom te ticht by dy
ik spuutsje yn syn eagen en 't is foar him foarby
wolsto wol leauwe foar dy bin ik dyn held
wolsto wol leauwe der is sa'n soad geweld, wurdt ferteld

kom mar by my, ik sil dy alles jaan
dyn eangst is foarby, net ien sil dy wat dwaan
jou my dyn hert en do bist myn idaal
fertrouste it noch net: sjoch hjir ha'k in pystoal
wolst it wol leauwe, 'k ha der in fergunning foar
wolsto wol leauwe ik bin sterker as dy oaren by elkoar

as ien om dy gniist, dan meitsje ik him kâld
dat is it bewiis dat ik fan dy hâld
der moat dochs ien wêze dy't de noarmen stelt
oeral kinst lêze oer it sinleaze geweld
wolsto wol leauwe datsto noch de held net wist
wolsto wol leauwe datsto by my feilich bist, ja beslist

leave Marije wolsto wol mei my ha
do kinst my krije, wat sil wy wille ha
leave Marije wolsto wol mei my ha
do kinst my krije, wat sil wy wille ha
leave Marije wolsto wol mei my ha
do kinst my krije, wat sil wy wille ha